

Yn dit dokumint is de feedback te lêzen dy't jûn is op de konseptfyzje op it leargebiet Fryske Taal en Kultuer. Yn de moannen septimber en oktober 2018 hat it ûntwikkeltiim Frysk op de webside kurrikulum.frl. fiif konsultaasjefragen oer dy konseptfyzje steld. Dêr is op reagearre troch learkrêften, taalkoördinatoaren en oare saakkundigen. Harren feedback wurdt hjirûnder yntegraal werjûn, sûnder de nammen fan yndividuele persoanen te neamen. Der binne reaksjes binnenkommen út namme fan ferskate skoallen en organisaasjes, sa as (yn willekeurige folchoarder):

- Netwurk Taalkoördinatoaren Gearhing
- Feriening Frysk Underwiis
- NHL-Stenden Lektoraat Taalgebrûk & Learen (en Taalplan Frysk)
- Stichting Mearslach
- NHL-Stenden learare-oplieding Frysk
- NHL-Stenden pabû
- Cedin Sintrum Meartaligens

## Sammele feedback op de konseptfyzje

### 1. Misse der ek ûnderdielen yn dizze fyzje op it leargebiet Fryske Taal en Kultuer?

- Yn dizze - op himsels goede beskriuwing - giet it faak oer 'de learling' en it Frysk. It aspekt fan de trochgeande (lear)line - fan pjutteboartersplak oant en mei de universiteit - soe neamd wurde kinne.

- Nee, maar... (1) Op p. 1 is de inleiding een feitelijke beschrijving van de situatie en dus klopt het niet dat er vervolgens wordt gesteld "Deze basisvisie impliceert". De punten die dan volgens zijn (!) de basisvisie en komen voort uit die feitelijke analyse van de huidige situatie. (2) Het laatste deel van de tekst zou wat anders (beter) kunnen worden ingericht. Er zou namelijk een duidelijkere rol ingeruimd moeten worden voor het gebruik van de taal (het Fries, maar ook de andere aanwezige talen in de klas) voor en bij het leren (in andere leergebieden). Allereerst moeten de tekstdelen die er over handelen (bijv. translanguaging) misschien bij elkaar worden geplaatst, zodat het onderwerp (het speerpunt) nog beter uit de verf komt. De rol van de taal in andere leergebieden zou een eigen plek moeten hebben in de tekst.

- Prima

- Misschien nog kort het ontstaan van de Fryske taal benoemen. mijn eigen ervaring is dat leerlingen meer belangstelling krijgen voor het Frysk als ze ook meer van de geschiedenis weten.

- Nee.

- Nee.

- De klam leit op it meartalich lear - en ûntwikkelproses by learlingen. As it giet oer 'taal en kultuer' dan komt de kultuer oan 'e krapperein. By it learen fan it taal giet it earne oer, sa as jimme ek al sizze , en wat is dan wichtich dêr't de bern mei konfrontearre wurde: berneferskes, berneliteratuer, jongereinliteratuer en sa nei folwoeksen literatuer (trochgeande learline) .. Mar ek skiednis is fan grutte betsjutting mei it each op identiteitsfoarming (Fryske kanon).en kultuer.

- Dat is hiel lêstich te sizzen, omdat it stik noch wat better oardere wurde moat. Wat binne krekt de ûnderdielen dy't foarsteld wurde en op welk nivo?

- Ik mis visie op het Fries in de stad. b.v. Leeuwarden

- Het lijkt mij compleet.

- Ja, ik mis it ûnderdiel kultuer. Hoe wurdt dêr oan wurke mei bern? Der wurdt koart wat sein oer translanguaging, dat stik soe dúdliker kinne (hoe wurket soks?) Wurdt der oan alle punten fan it spinnenweb fan Van den Akker wurke yn de fyzje?

- Ruimte voor een eigen visie vanuit de scholen in plaats van dingen opgelegd krijgen.

- nee

- Nee, volgens mij niet. Ik vind het heel mooi om te merken dat de visie gebaseerd is op de diversiteit tov Fries in Friesland. Op mijn school in Leeuwarden met 40% allochtone leerlingen staat Fries in een totaal ander perspectief dan op een dorpschool waar Fries de voertaal op het schoolplein is. Met de aandacht voor meertaligheid en de verbinding met andere vakgebieden, kunnen ook wij uitstekend uit de voeten.

## 2. Docht de fyzje rjocht oan de ûntwikkeling, kânsen en behoeften fan alle learlingen?

- Hjir soe al neamd wurde kinne 'De' learling, 'IT' bern net bestiet. Sjoch op: [www.mearslach.nl](http://www.mearslach.nl)

- Wordt niet expliciet benoemd, maar het wordt wel duidelijk dat 'de leerling' het uitgangspunt is in de visie

- Ja

- Ja. De benadering vanuit meertaligheid en identiteit spreekt wel aan.

- Blz. 4 bovenaan rechterkolom "schrijven kan niet zonder lezen, etc..." geeft de indruk dat de lat voor iedereen even hoog ligt, dit is naar ons idee in tegenspraak met blz. 1 onderaan 1e kolom "...krijgen alle leerlingen binnen het leergebied Friese taal een passend aanbod"

- Ja.

- De klam leit op ferskillen tusken learlingen . Yn de Beleidsregel 2015 hat dat sels laat ta it skrassen fan keardoelen, wylst keardoelen bedoeld binne as in mienskiplik basisprogramma foar alle learlingen. (oansluting tusken skoallen en trochstreaming). Utfiering fan dy Beleidsregel hat in protte skea jûn sa as it ûndersyk fan Walsweer 'It is mei sizzen net te dwaan' ek oanjout. Differinsjaasje moat net op meso-nivo, mar op mikro-nivo ; dus yn de groep tapast wurde om krekt alle learlingen (mei grutte ferskillen) de kâns te jaan optimale learresultaten te heljen. Keardoelen Frysk hearre dus foar alle skoallen gelyk te wêzen . Oars binne it ek gjin keardoelen. Dy fan 2006 ha alle taalskiften en mei minder kin it net ta , want oars ûntnimme wy it Frysk syn lykwaardige status as kultuertaal. Wol in skoalle mear dwaan dan is dêr alle frijheid ta en ûntheffing heart net oars te wêzen as in ped.did. oanpak .Foar gjin inkeld oar fak wurdt diff op meso tapast. Ek foar it Hollânsk net. De Frysktalige bern moatte it Hollânsk leare as wie it harren memmetaal.

- Dat is moeilijk. Ik begrijp de visie en sta daar ook achter maar in de praktijk is het moeilijk vorm te geven. Leerlingen die de Nederlands taal niet goed beheersen moet je eerst Nederlands leren zodat ze het onderwijs kunnen volgen. We merken dat het verwarrend is als er ook Fries bij komt.

- Ja

- Ik mis it beneamen fan bern mei in oarstalige eftergrûn of mei in beheining. Hoe kinne sy Frysk leare? Moatte sy Frysk leare, wêrom al of net?

- Hoezeer wij ook willen dat de Friese taal en cultuur behouden blijft, vinden wij niet dat je dat opgelegd moet krijgen. Niet al onze leerlingen hebben hier behoefte aan. Aandacht voor meertaligheid wanneer dat zinvol is is oké, maar aanleren van Fries niet.

- Ik denk dat NT2 leerlingen geen/weinig behoefte hebben aan het leren van de Friese taal.

Voor hen is een positieve houding t.o. van Fries en het begrijpen van een eenvoudige boodschap al voldoende. Voor memmetaalsprekkers is daarnaast het spreken van belang, ook bij andere vakken. Maar het lezen en schrijven is niet voor alle leerlingen haalbaar.

### 3. Is de fyzje eigentiidsk?

- Jaseker! Slút goed oan by 'Platformonderwijs 2032' en 'curriculum.nu'

- Jazeker, hoewel wij de visie vooral logisch vinden en passend bij onze eigen uitgangspunten, is het voor het werkveld wellicht behoorlijk revolutionair

- Ja

- Kan scherper/duidelijker in meer "eigentijdse woorden" beschreven worden. Korter en krachtiger???

- Ja!

- Ja.

- Mei translinguaging hat it in eigentiidske oanpak. Wol moat der by sein wurde dat wy no net trochslaan moatte nei in al te fleksibele oanpak. Neist fêste mominten fan it brûken fan taal (les, deidiel of wike wat de skoalle mar kiest) troch de learlingen yn in bepaalde taal, binne der mominten fan oerstappen en ferlykjen fan taal mei oare talen. Benammen foar it Frysk as minderheidstaal is it wichtich dat ek net-Frysktalige (jonge) bern leare Frysk te praten en sille mominten fan ûnderdompeling nedich wêze. Dat jildt ek foar oare talen.

- Soe it ek better wêze om eksplisiter oan te sluten by curriculum.nl en de 21ste iuwske feardichheden as burgerskip?

- Sekers

- Ja

- Ja, fanút meartaligens. Soe noch mear yngien wurde kinne op twatalige/trijetalige skoallen, Frysk as fiertaal, mar ek noch op bern mei oarstalige eftergrûn (flechtelingen).

- Nee, in Drachten sterft het Fries uit, in de dorpen nog niet. Het zij zo, hier zou een visie ook rekening mee moeten houden.

- ja

#### 4. Is de fyzje ynspirearjend en motivearjend?

- Ja. In goed útgangspunt foar it 'echte' drege wurk.
- Ja (we zijn wel benieuwd of iedereen geïnspireerd raakt van deze nieuwe ingeslagen weg)
- Ja
- Dat wel! Nu nog het inspirerende en motiverende vertalen naar de lessen voor de leerlingen.
- Ja.
- Ja.
- Ik sjoch net grutte problemen.
- Der falt mear út te heljen.
- Absoluut
- Ja, zelfs ik; Fries is niet mijn moedertaal; word enthousiast als ik het verhaal over het belang van erkenning van de eigen taal lees. Het geeft voor onze multiculturele school veel aanknopingspunten om thuistaal te verbinden met Fries.
- Der wurdt benammen oanjûn wêrom't it Frysk sa fan belang is, moai mei link nei meertaligens. Ik mis de link mei de teory soms wat, Cummins wurdt ien kear neamd.
- Voor ons niet, het sluit niet aan bij onze eigen visie op meertaligheid of onze leerlingenpopulatie.
- Inhoudelijk wel, maar mag wat bondiger wat mij betreft

#### 5. Oare opmerkingen:

- Jikke de Ruiten hat my fia LinkedIn frege of nei kurikkum sjen woe. Ik fyn it dreech om echt wat te skriuwen wer't jimme wat oan ha. Miskien as jimme fierder binne mei de ynhold dat it dan makliker wurdt om der mear oer te sizzen. Ik winksje jimme in protte sukses mei jimme wichtige wurk.
- Sterkte mei de fuortgong!
- Wij zijn heel benieuwd wat de gevolgen van de visie zijn voor de rest van het leerplan (concretisering)

- Ien opmerking by 'De rol fan taal en memmetaal yn it algemien'. By 'Dêrom moatte learlingen harren memmeta(al)(en) brûke kinne.' Neffens my net allinne 'brûke kinne', mar har ek 'fierder ûntjaan kinne yn dy taal'.

- Goede, aansprekende benadering vanuit de meertaligheid.

- Learkrêften soene sels de Fryske taal behearskje moatte en der foar iepen stean. Alders moatte beseffe en ek akseptearje dat de thústaal der ek wêze mei.

- Side 2: It wurd hielendal ûnderoan de bledside 'learlingen' mist in letter.

- In passend oanbod moat net fia keardoelen besocht wurde. Dat is oan de learkrêft yn de groep. Fierder wurde safolle taafariëteiten neamd dat it ûnderskied tusken help- en doeltalen wat op de eftergrûn rekket. It Frysk, it Hollânsk en it Ingelsk (of oare frjemde taa) wurde neffens Europeesk model ûnderwiisd. Regionale farianten (dialekten ) meie mûnling klinke en kinne ek foar taalferlykjen soargje. Talen fan bûtenlanners kinne yn bysûndere situaasje brûkt wurde foar feiligens en earste begryp en respekt foar harren identiteit, mar it Poalsk is gjin doeltaal hjir.

- Fannacht ha ik it efkes yn my omgean litten. Ik soe de fizy strakker en systematysker opsette. Begjinne bygelyks mei doelstellings en redenen om fernije te wollen. Dan komme mei de namme fan it konsept funksjoneel meartalich learen by it skoalfak Frysk stipe troch literatuer. Dan oer it formlearjen fan keardoelen op basis fan it foargeande. Yn it ferfolch komme dan didaktyske konsekwinsjes fan funksjoneel mt learen en de rollen fan dosint en learder, toetsing.

- Veel succes!

- Yn syn algemienheid is it goed trochtocht – de fjouwer linen dy't útsplitst binne kinne wy ús goed yn fine. Wy binne benijd nei it ferfolch.

### **De rol fan taal en memmetaal yn it algemien**

- De oandacht foar it Frysk en de identiteit stiet ús tige oan. It Frysk wurdearje yn relaasje ta de identiteit fan de Friezen wurdt faak oan foarby gien. De attitude wurdt sa op in bredere wize delset.
- Oanfolling yn de sin: Fia taal krije wy....dêroan dielnimme. Net inkeld dielnimme mar ek *bydrage en tafoegje*.

### **Betsjutting fan it Frysk**

- Nei de sin: Fryske boargers... Frysk te brûken. Graach tafoegje: Bern hawwe ek it rjocht om Frysk te learen.

- De sin: Op Fryske skoallen is it Nederlânsk de mienskiplike taal. Korrekter is: Op Fryske skoallen is it Nederlânsk meastal de mienskiplike taal, of ien fan de talen.

### **Meartalich perspektyf**

- Dat it Frysk yn in meartalige kontekst set wurdt slút goed oan by ús tinken. De bredere kontekst as inkeld Frysk-Ned. sprekt ús oan.  
Soarch is wol dat it Frysk as fak ûndersnijdt yn de fierdere útwurking en ferwurdt ta it learen fan algemienheden. It fak is de basis. De taal goed behearskje is de basis ta translanguaging.
- Wat wurdt bedoeld mei skoalletaal yn de sin .... *Yn saneamde translanguagingpraktiken in middel is om de skoalletaal te learen...?* Sjogge jimme it Frysk ek as skoalletaal? Dan binne wy akkoart.

### **It kiezen fan relevante ynhâlden**

- Dat der keazen is foar it learen *fan* en *oer* de taal fine wy in sterke ynset.  
Wat betreft het leren van het Frysk: Er wordt expliciet gesproken over vaardigheden binnen de domeinen spreken, luisteren, schrijven en lezen en het integreren van het taalleren in functionele en betekenisvolle leersituaties. In de ‘oude’ kerndoelen lag het ambitie en gebruiksniveau minder hoog. In de oude kerndoelen wordt gesproken van ‘eenvoudige competenties’. Bij geïntegreerd taalleren gaat het niet per definitief over eenvoudige competenties. Dat betekent dat scholen met een hoog ambitieniveau t.a.v. Frysk nu niet meer ‘uit de kerndoelen groeien’ maar dat er ruimte is voor die ambitie. En misschien houdt het ook wel in dat het onderste niveau dus een beetje hoger komt te liggen?!
- It Frysk ynsette by oare fakken is in nije wize fan yntegraal tinken. It is spannend om dat goed út te wurkjen, mar it passet by de betsjuttingsfolle ynhâlden dy’t it Frysk krije moat en ús ynset op de 3TS/MVO skoallen.

Advizen foar de fierder sessy's

- Hâld neist de memmetaal fan learlingen ek rekken mei talige en minder talige learlingen
- De differinsjaasje en de útwurking dêrfan is noch net útwurke. Goed omtinken foar dit aspekt.